

It Fryske tydskrift foar bern fan de boppebou

Tsjil

Kultuer op strjitte

WINTER-
GASTEN



FRYSKE
DÚMKES



STRJITTE-
KEUNST

Panky yn 'e holle
Bruorren Halbertsma

Op 'e strún yn eigen omjouwing

Deborah op redens

3

- 3 Kom fierder**
Kultuer op strjitte
- 4 Gedicht**
Sipperssankje
- 5 Sjoch my**
Deborah stiet op redens
- 6 No sa**
Ûndersykskaart eigen omjouwing
- 8 Net te leauwen**
Wintergasten
- 10 Koart ferhaal**
Panyk yn 'e holle
- 12 TV nijs**
Tsjil Tsjekt
- 13 Der op út**
Gimber
- 14 Tsjek dit**
Aardige weetsjes
- 16 Resept**
Fryske Dúmkes
- 17 Linkke side**
Strjittekeunst yn Ljouwert
- 18 Sydstrijtsje**
Bruorren Halbertsma
- 19 Puzelside**
Puzels en mopkes
- 20 Strip**
Bauke, Nynke en Bram



5



8



17

TAALPLAN FRYSK 2030

Tsjil is in tydskrift foar learlingen fan de boppebou fan 'e basisskoalle.

Haadredaksje:
Tjitske van Akker, Cedin
Einredaksje:
Tsjomme Dijkstra
Opmaak:
Dandez (Daniël Gerritsen)
Foto foarkant:
Fotobureau Hoge Noorden
Jacob van Essen

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten
088 0200 300
tsjil@cedin.nl
ISSN: 1389-348X

Cedin

Tsjil is fergees oan te freegjen fia www.taalplan.frl/oaanmelde. It tydskrift wurdt fiif kear yn it jier as klassepakket útjûn. De digitale ferzy is te finen op www.cedinonderwijs.nl/tsjil

De redaksje fan Tsjil hat besocht om fêst te stellen wêr't byldmateriaal weikomt om de fereaske tastimming foar publikaasje te krijen. Elk dy't lykwols tinkt rjochten te hawwen, kin kontakt opnimme mei tsjil@cedin.nl.

Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk yn de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's. Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking fan Afûk, Cedin, Fers, Keunswurk, NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko, SFBO en de provinsje Fryslân. www.taalplan.frl

Frysk, foar no en letter

Kultuer op strjitte!?

Kultuer is eins alles wat minsken makke of betocht hawwe. Je hoege net fier te sykjen of je komme al in stânbyld, in bysûndere strjitnamme, in karakteristyk gebou, in gedicht fan in pleatslike skriuwer of in elemint yn it lânskip tsjin dy't of dat wat seit oer kultuer. Ek hearst ferhalen en lieten om dy hinne dy't by dyn kultuer hearre.

Mei dizze Tsjil kinne jim op ûndersyk út gean yn jimme eigen omjouwing. Der steane wer ynteressante weetsjes yn it blêd mar komst ek in ûndersykskaart tsjin. Nei it dwaan fan ûndersyk sjochst faak mei hiele oare eagen tsjin yts oan. Yn dyn omjouwing kinne de boeken yn de biblioteek mar ek musea, muzyk- en sportferienings, doarpsbewenners en pakes en beppes dy goed helpe.


Wolst mear oer Fryslân of oer dyn doarp te witten komme, kom dan ris op besite by it Fries museum of Tresoar yn Ljouwert. Tresoar, komt fan it Ingelske wurd *treasure*, is echt de skatkeamer fan Fryslân. En witst wat ek nijsgjirrich is? De webside Topotijdreis. Dêrmei kinst lânkaarten út eardere tiden besjen. Bestie dyn wenplak 100 jier lyn ek al? En hoe seach it der doe út?

In soad lêse- en ûndersykswille mei dizze Tsjil!

Groetnis,
Tjitske



Ast goed sjochst, is alles fol kleur



Poster

As't om dy hinne sjochst, sjochst oeral kleur. En op plakken dêr't net safolle kleur is, komt keunstner Roy Schreuder graach del om in moaie muorreskildering te meitsjen. Moast syn webside mar ris besjen! Spesjaal foar Tsjil hat hy de skildering makke dy't op de poster te sjen is. Roy freget him ôf; hokker kleuren sjochsto om dy hinne?



Tsjil

Cedin

Skipperssankje

Dit gedicht is fan Eeltsje Halbertsma (1797-1858). It giet oer in fisker dy't op see yn in stoarm bedarret. Eartiids hiene skippers fansels gjin mobile telefoan en koene se gjin kontakt opnimme mei de rêdingstsjinsten. It wie dan ek altyd hiel spannend as in skip op see yn min waar kaam. Yn it gedicht beskriuwt Eeltsje it gefoel fan in seeman dy't wit dat er ferdrinke sil. Hy komt nea wer thús. Hy ropt ta frou en bern: ferjit my net.

It gedicht is ta liet bewurke, wy soene it in jankfodde (smartlap) neame. It wie earder sa populêr, dat it yn it Frysk lieteboek kaam. It is in faak songen troch koaren en sjongers. Benammen shanty-koaren fûnen it moai fansels want sy sjonge faak seemânslieten. Yn de tiid fan de bruorren Halbertsma kaam it faak foar dat seelju net werom kamen. Mar se waarden net ferjitten.

Tekst fan Eeltsje Hiddes Halbertsma:

Ferjit my net as bolle wyntsjes waaie
En ik oan 't roer myn sankje sjong
As kroeze weagen 't glêde skip omaaie
Ferjit my net

Ferjit my net as miljoen stjerren
En 't freonlik moantsje my beskynt
En do swiet dream' hest yn 'e sêfte fearren
Ferjit my net

Ferjit my net as wrede touwerfleagen
My slingerje dêr't God it wol
As ik ompolskje mei de dea foar eagen
Ferjit my net

Ferjit my net as wreed de stoarmen bylje
En 't libben hinget oan in tried
As wy ferslein oan 't needtou ride en fylje
Ferjit my net

Ferjit my net as swarte tommelweagen
Oertrûzelje it warleas skip
En alle eleminten tsjin ús teagen
Ferjit my net

Ferjit my net as w'einlings djip fersinke
En teare yn 'e djippe see
Wol dan mei triennen oan my tinke
Ferjit my net.

Omset nei de taal fan hjoed:

Ferjit my net as sterke wyntsjes waaie
En ik oan 't roer myn lietsje sjong
As hege weagen om it skip hinne gean
Ferjit my net

Ferjit my net as miljoen stjerren
en it freonlik moantsje my beskynt
En do dreamd hast ûnder dyn waarme dekbêd
Ferjit my net

Ferjit my net as heftige ûnwaarsstoarmen
it skip ûnbestjoerber meitsje
As ik yn it skip hin en wer slaan en bang bin foar
de dea. Ferjit my net

Ferjit my net as de stoarm hieltyd sterker wurdt
En ik myn libben net mear wis bin
As wy krampêftich ús besykje beet te hâlden oan
in tou. Ferjit my net

Ferjit my net as hege, swarte weagen
Oer it skip hinne slaan
En alle eleminten tsjin ús binne
Ferjit my net

Ferjit my net as wy úteinlik fersinke
En omslaan yn 'e djippe see
Wolsto dan om my gûle
Ferjit my net

Deborah stiet op redens

Deborah Hoekstra (11) sit yn groep 8 fan CBS de Hoekstien yn Surhústerfean. Se wennet yn it doarp mei har heit en mem, twa bruorkes en suske. Yn de tún skarrelje in hoanne, twa hintsjes en twa kavia's om. Se is gek fan sport en leart op skoalle in soad oer de Fryske kultuer. Tafallich komme sport en kultuer inoar tsjin yn har passy, it reedriden.



Op skoalle binne Deborah en har klassegenoaten dwaande mei de tarieding fan harren presintaasje oer de Fryske kultuer. Elk groepke hat in oar ûnderwerp, sa as Grutte Pier, bekende Fryske persoanen, fierljeppen, reedriden of sûkerbôle. 'Wy binne dwaande mei de Alvestêdetocht', fertelt Deborah. 'We meitsje in muorrekrante dêr't wy de rûte op tekene hawwe. Wy leare sa ek hokker wapens by in stêd hearre. It wapen fan Ljouwert fyn ik it moaiste, mei in gouden liuw derop.' Dat dit groepke foar de 'tocht der tochten' keazen hat, is eins wol logysk. Deborah sit sels op reedriden en traint alle wiken yn de Elfstedenhal te Ljouwert. 'Ik soe sels ek wol meidwaan wolle oan de Alvestêdetocht as dy nochris trochgiet.'

'Ik siet earst op skeelerjen,' fertelt Deborah. 'Dat is hjir op de iisbaan fan Surhústerfean. Yn de simmer is dat moai glêd asfalt. By it skeelerjen wiene twa âldere famkes en sy fertelden oer it reedriden. Dat like my ek wol wat! Ik haw earst twa kear meidien oan in proefles. Dat wie leuk en doe haw ik my opjûn foar de trainingen. We dogge spultsjes op it iis sa as tikspultsjes, estafette, slalom, oer streken hinne springe en op it stuit binne wy oan it oefenjen mei oerstappen. Wy dogge ek wolris eefkes om it hurdste fansels.'

Bûtendoar reedride kin net sa faak yn Nederlân, mar is de iishal wol it hiele jier iepen? 'Nee,' seit Deborah. 'De iishal is fan ein septimber oant en mei ein maart iepen. Wy traine dus ek net it hiele jier want yn de simmer is de iishal ticht. Ik tink noch nei oer in sport foar yn de simmertiid. It ôfrûne jier siet ik op freerunning. Dat wie yn de sporthal. Dêr sieten mear bern fan myn skoalle op en ik tocht, miskien kin ik dat ek wol. By freerunning draafst oer in parkoers en besikest safolle mooglik omheech te kommen en los te kommen fan de flier of in objekt, sa as in gymkast. En wy hawwe hjir yn it doarp in iepenloftswimbad dus dêr bin ik yn de simmer ek faak te finen.'

'As wy op skoalle gymnastyk hawwe, krije wy dat fan in sportlearaar. It leukste fyn ik trampoline springe.' Takom jier sil Deborah nei it Gomarus College yn Drachten. Se hat der al sin oan en har nije fyts stiet al klear.

PS: wolle jim ek mei de Fryske kultuer oan 'e slach? Lit juf of master dan ris op sjen op: www.inspirerendmeertaligonderwijs.nl/erfguodwike



Ûndersykskaart

Strúne yn eigen omjouwing

Do wennest en/of giest nei skoalle yn in Frysk doarp of Fryske stêd. Alles dat dêr boud, delset of fersierd is en alles wat dêr bart, is troch minsken betocht. Hoe moai is it om dat ris wat better te besjen? Mei de ûndersykskaart sille jim op syk nei de kultuer by jim 'op strjitte', hiel tichtby dus. En it moaie is datst by dit ûndersyk help freegje meist fan doarpsgenoaten en famyljeleden.

De minsken yn dyn doarp of stêd foarmje mei-inoar in mienskip. Tagelyk makket de mienskip it doarp of de stêd. Taal, ferhalen, muzyk, keunst en sport kinne helpe om it gefoel fan byinoar wêzen te fersterken. Miskien hawwe der ek wol minsken (west) yn dyn omjouwing dy't bekend wurden binne mei in útsûnderlik talint of troch in belangrike funksje. Is der in strjitnamme of park nei harren ferneamd? Hawwe dizze minsken in boek skreaun, yn in film of foarstelling spile, byldzjende keunst makke, by hokker muzyk of sport wiene sy belutsen?

Faak sjochst yn in doarp of stêd ek ynfloeden fan oare plakken op 'e wrâld. Dit kinst weromsjen yn de boustyl of funksje fan bedriuwen, gebouwen en hûzen. En wat is kenmerkend foar it lânskip yn dyn wenomjouwing? Wat groeit der, hokker bisten binne dêr te finen, is it keal of stiet it fol beammen en wat seit dat oer de grûnsoarte? En binne der miskien ek strjitnammen dy't wat sizze oer it lânskip?

Stap 1: Tarieding

Foarmje in groepke fan twa of trije learlingen. Breinstoarmje eefkes oer wêr't jim allegear al oan tochten doe't jim boppesteande tekst liezen of hearden.

Stap 2: Ferdieling

Neidat jim it boppesteande stikje tekst lêzen hawwe, beprate jim mei-inoar hokker groepke hokker ûnderdiel ûndersykje wol. Kinst kieze út:

- It doarp / de stêd en it lânskip
grûnsoarten, floara&fauna, bysûndere kenmerken, yndieling fan it lânskip troch natuer of minsken
- It doarp / de stêd en de mienskip
ferienings, sport, muzyk, (folks)ferhalen, feesten, gewoanten
- It doarp / de stêd en syn goud
betsjuttingsfolle minsken, keunst, lieten, boeken, wêr stiet jim wenplak bekend om?
- It doarp / de stêd en de wrâld
gebouwen, hûzen, strjitnammen (kin ek by a, b en c), bedriuwen, hannel

! Hast in moai ûndersyk om mei de lêzers fan Tsjil te dielen? Lit it ús witte fia tsjil@cedin.nl!



Stap 3: Oriïnteare

Sykje op it ynternet nei saken dy't hearre by jimme ûnderwerp yn kombinaasje mei jimme doarp of stêd. Is der in nijsgjirrich ferhaal te fertellen, wat is ergens de oarsprong fan, wêr komme guon nammen of keunstwurken wei, wat makket jim lânskip, doarp of stêd unyk?

Meitsje in kar yn wêr't jim fierder ûndersyk nei dwaan wolle. Skriuw alfêst wat stekwurden op yn de foarm fan in wurdwolk.

Stap 4: Undersyk

Jim hawwe no jimme ûnderwerp dúdlik foar eagen. It is tiid om fierder op 'e syk te gean.

Binnendoar:

- Besykje fia it ynternet mear ynformaasje te krijen oer it ûnderwerp dat jimme útkeazen hawwe. Hast pinne en papier of in iPad/chromebook/laptop by de hân? Meitsje oantekenings ast oan it ûndersykjen bist!
- Googelje op it doarp of de stêd en de omlizzende doarpen en buorskippen.
- Tsjek websiden fan it plak sels of fan de doarps- of stedskrante, Verhalenbank.nl, Tresoar, museum.frl, keunstwurk.nl, topotijdreis.nl of gean nei de bibleteek en musea as dy der binne.

Bûtendoar:

- No is it tiid om nei bûten ta. Is dyn ûnderwerp te besjen? Kinst der foto's fan meitsje of in ynfobuordsje oer fine? Kinst in persoan ynterviewe? Is der yts te lêzen of te hearren?
- Freegje ynfo by de sport- en muzykferiening fan jimme doarp of stêd, gean nei oft der in histoaryske feriening is, kinst de ûndernimmersferiening freegje, belûk oare bewenners of famyljeleden by jimme ûndersyk.

Ast genôch ynformaasje hast, bepraatst mei dyn master of juf oft jim trochgean kinne nei stap 5, de presintaasje!

Stap 5: Presintaasje

It ûndersyk hat moai wat ynformaasje opsmitten. Jimme witte no mear oer in ûnderwerp dat ferbûn is oan jimme doarp of stêd. Besykje in Frysktalige presintaasje ta te rieden foar jimme klasse. As it net slagget yn it Frysk, betink dan hoe't jim de Fryske taal in plak jaan kinne yn de presintaasje. Hjirûnder fynst in tal opsjes foar in kreative presintaasje mar meist fansels ek wat oars betinke.

Toaniel

Meitsje in toanielstikje. De útkomsten fan jimme ûndersyk komme yn dit toanielstik werom.

Tips foar rollen:

- In toerist dy't jim doarp of buert besiket
- In âlde man/frou dy't alles wit
- Gebouwen, stânbylden, beammen dy't prate

Kreatyf

- Meitsje in stripferhaal oer de útkomsten fan jimme ûndersyk
- Meitsje in filmke, floch of podcast oer de útkomsten fan jimme ûndersyk
- Meitsje in promoasjefilmke foar jim buert of doarp
- Meitsje in tentoanstelling oer de útkomsten fan jimme ûndersyk (boetsearje, skilderje, mozaik of oars)
- Fertel in ferhaal by jim selsmakke byldzjende keunst

Muzyk

- Meitsje in liet of rap oer jim ûndersyk
- Meitsje in ferhaal oer jim ûndersyk en betink dêr lûden en/of muzyk by

Taal

- Meitsje in gedicht of ferhaal oer jim ûndersyk
- Skriuw in artikel foar de krante oer jim ûndersyk
- Meitsje in ynformative muorrekrante oer jim ûndersyk





Wintergasten

Yn it ôfrûne skoaljier stie der in artikel oer trekfûgels yn Tsjil nûmer 5. Sjoch mar ris op cedinonderwijs.nl/tsjil. Dêryn koest lêze dat in soad fûgels út Nederlân nei it suden lûke om de winter yn Nederlân te ûntrinnen. Bêst in goed idee. Mar ek fûgels út lannen en gebieten dy't tichter by de Noardpoal lizze as Nederlân lûke nei it suden. Guon dêrfan binne net sokke kâldklommers as wy tinke. Se fine it hjir yn Nederlân waarm genôch om de winter út te sitten. Dizze fûgels neame wy wintergasten. Dat binne dus fûgels dy't wy hjir yn Fryslân hast allinnich winterdeis tsjinkomme kinne. Ik tink dat jimme in pear dêrfan wolris sjoen hawwe!

Witte jimme al in pear fûgels op te neamen?
No? Hokker soarten hawwe jim betocht?

Ik sil jimme in pear tips jaan: twa fan dy soarten lykje op ús lysters. Se hearre ek ta de lysterfamylje. En der is in frjemde ein yn de fivers en ûndjippe plassen te finen. Hawwe jim al in idee?

De earste lystereftige dy't ik bedoel en dy't hjir út it hege noarden wei hinne komt, is in fûgel dy't liket op

ús eigen bûnte lyster (zanglijster). En hy is hast like grut. It is de **readwjuk**, yn it Nederlânsk bekend as de koperwiek. Dizze lyster hat dy namme net om 'e nocht. Hy hat nammentlik in moaie rustkleurige flek op de sydkant fan synboarst, hast koperkleurich. De readwjuk fynt de beien fan de hultsbeam hiel lekker. Hy is der krekt sa sljocht op as de bûnte lyster op de beikes fan de klimop. Sjochst wol dat de readwjuk mear streke is op it boarst en de bûnte lyster mear pylkpuntsjes op it boarst hat?

De twadde lyster dy't yn de winter yn ús lân delstrykt is de **fjildlyster**, yn it Nederlânsk de kramsvogel. Dy lystersoart is hast like grut as de kreaklyster (grote lijster). De fjildlyster hat wat mear kleur op it boarst as de kreaklyster en hat in grize kop mei in wite wynbrau. Op it boarst sjochst, lykas by de sjonglyster, pylkpuntsjes. De grutte lyster hat stippen op it boarst. Sa kinst se goed útinoar hâlde.

De fjildlysters briede yn lytse koloanjes yn it hege noarden. Yn it briedseizoen kinne se harren hiel goed ferdigenje tsjin bygelyks krieën. Se achterfolgje de krieën en bombardearje se mei poep. Ik wit seker dat de krieën it 'hazzepaad' kieze! Se kinne mei poep op de fearren nammentlik hiel min fleane, dus moatte se hiel goed poetse as se rekke binne...



De tredde soart wintergast dy't ik neamme wol is de **grutte seachbek**. It is in wetterfûgel en hy kin hiel goed dûke. Kinst se faak op ûndjippe plassen en marren fine. Soms sels yn fivers yn parken! Wêrom neame se dizze ein no 'zaagbek'? Seachbekken hawwe in moaie reade snaffel dy't hielendal net liket op dy fan de wylde ein. De snaffel is smeller en de punt hat in heak. As seachbekken de snaffel iependogge, liket it wol oft se in seachje as snaffel hawwe. Dêrmei kinne se de proai goed fêstklamme. De wyfkes hawwe in

griis fearrekleed mei in brune kop. De mantsjes binne mear swart-wyt mei in griene kop. Wat faak ek moai te sjen is, is de kûf op de kop. Dy kûf kinne seachbekken hingje litte of opsette ôfhinklik fan har stimming. Lykas it nekhier fan in hûn of de sturt fan in kat. Se binne faak wol wat skou, dus je kinne se better bestudearje mei in fierrekiker. Komst te tichtby, dan fleane se seker fuort.

Let dizze winter mar ris op dizze wintergasten. Ik hoopje dat jimme se fine kinne!



'Hey, wat is dat foar poster dêr?' Margje rint nei de lantearnepeal, dy't oan it begjin fan de boarterstún stiet. 'Sjoch, hjir stiet in beleanning op! Fan dy winkeloerfal, fan tiisdei by de juwelier!'

De rest fan de freonegroep, dy't sûnt groep twa al bestiet út Sytske, Maaïke, Ruerd en Wierd, komt derby stean. 'Dat mienst, liket my wol wat', seit Ruerd. 'Mar der stiet net iens by hoefolle ast krijst. Dan ha we der net safolle oan.'

Wierd komt oanrinnen mei in fuotbal, wêrtroch't Ruerd fuort syn oandacht by de bal hat. Dan drave de famkes der ek efteroan. De poster falt op de grûn en waait de boskjes yn.

'Ik sil in tsjille fideo meitsje, foar TikTok!' ropt Margje. 'Mei 'k dyn telefoan even liene, Sytske? Dat mei. Mei de telefoan omheech draaft Margje mei it potsje mei. Maaïke en Ruerd foarop. Jonges tsjin de famkes. Maaïke makket in moaie pass nei Sytske, dy't dêrop skoart.

'Hast him derop stean?' roppe de famkes tagelyk.

Mar trochdat der in beamwoartel út de grûn stekt, stroffelet Margje ûngelokkich. As yn slow motion sjogge se allegearre de telefoan fan Sytske troch de loft sweven en op de bast fan in beam telâne kommen. Margje kwakt op de grûn. Se hat de tosk troch de lippe en trillet fan de skrik. Yn it telefoanskerm sit in grutte skuor.

'Bliksem, kom ik bring dy wol thús', biedt Maaïke har oan.

De oare deis ha se wer ôfpraat yn 'e moarntiid. It is sneon. Margje har knibbel is aardich blau. En har lippe is wat tsjok en pears. Se doart eins net te gean nei it ûngelokje mei de telefoan juster. Mar Maaïke stiet om kertier foar tsienen al foar de doar om har op te heljen. 'Bist klear?'

Margje knikt, docht de jas oan en rint troch de garaazje nei bûten mei de fyts.

'Hast it dyn heit en mem ferteld, fan dy stikkene telefoan?'

Margje sjocht Maaïke oan. Se krijt der in kleur fan. 'Net?'

'Ik ha allinne sein dat ik fallen bin.'

As se by de boarterstún komme, sitte de oare trije al tsjin it stek fan de pannakoai oan.

'Us mem seit datst de stikkene telefoan betelje moast', seit Sytske daliks. 'It kostet wol twahûndert euro om him reparearje te litten.'



De rest sjocht nei Margje. Dy wurdt fjoerread en wit even net mear wat se sizze moat. Se grypt har fyts en rydt hurd fuort, de kant fan it boskgebiet út. Eins mei se dêr hielendal net komme fan har âlders. Want der hingje dêr faak wat frjemde minsken om mei grutte djoere auto's en lûde muzyk. En it is ek in ein bûten it doarp.

Maaïke ropt har en draaft nei har fyts. 'Wêrom seist dat no sa lil, Sytske? Sa dogge freondinnen dochs net?' Sytske sjocht swart, wylst Maaïke achter Margje oan trapet.

Margje kin amper sjen wêr't se fytst, want har eagen stean fol triennen. Se hat hielendal gjin jild. En se doart it thús ek net te sizzen.

Yn 'e fierte sjocht se in grize auto stean en efter har heart se plysje mei âljende sirenes oankommen. Kin der ek noch wol by! Wat sille se moandei wol net op skoalle sizze! En heit en mem thús! Margje krijt noch mear panyk yn 'e holle.

Se fytst wat stadiger. In swarte Mercedes mei donkere ruten stoot har foarby. Achter har ropt Maaïke dat se ôfstappe moat. As Margje omsjocht, hat Maaïke har al ynhelle. 'Gau fan de fyts ôf, it doocht hjir net. Ferstopje, dêr by dy strûken!'

Tagelyk springe se fan de fytsen en krûpe se fluch troch it sân efter de strûken. Dêr stiet in pealtsje foar, mei in markearingsletter derop. Se binne no flak by de grize auto.

Twa plysjebuskes fleane foarby, se hearre sels in knal!

Fan skrik dûke se noch mear it sân yn.

Ynienen sjocht Margje in hânfet fan in tas út de grûn stekken. 'Wat is dit?' flústeret se.

De famkes sjogge nei it hânfet en dan nei de drokte op 'e dyk. De manlju by de grize auto hawwe de hannen omheech. Ien stiet flakby. Mar in plysgefrou hâldt se mei lutsen wapen steande.

De famkes lizze te triljen. Al gau komt der in plysjeleman harren kant útrinnen. 'Sa froulju, krekt op it ferkearde momint op it ferkearde plak? Ik seach jim al fytsen yn de fierte. Gelokkich is alles goed gien. Jim moatte hjir net wer komme, dit is gjin plak foar famkes lykas jim.

'En wat is dat dêr?' De plysjeleman wiist nei it hânfet fan de tas. Margje lûkt oan it hânfet en der komt in swiere brune tas tefoaryn. De famkes sjogge beiden mei fernuvering yn de tas. De plysjeleman sjocht ek en begjint dan te laitsjen. 'Sa, ek noch de goudskat fûn? In gelok by in ûngelok!' Ze besjogge wat der yn de tas sit; gouden ringen en kettingen. In pear horloazjes. Earmbannen en earbellen mei moaie glimmende stiennen deryn. En ek noch in oantal gouden munten.

'De juwelier sil wol bliid mei jim wêze.'

De fytsen gean yn in plysjebuske en de famkes kinne meiride nei it buro. Dêrnei moatte se by de juwelier delkomme. Se krije Fryske oranjekoeke en in glês ranja om te fieren dat de gouden sieraden en munten wer werom binne.

'Jongedames, ik ha ek in beleanning foar jim,' seit de juwelier. 'Hjir is foar jim alletwa in slúf mei jild. Hertlik tank foar it weromfinen fan de gouden sieraden en munten. Yn de slugen sit foar elk hûndertfyftich euro!'

'Dêr kinne we tegearre de telefoan fan Sytske mei betelje. En miskien ek noch wat útsykje yn dizze moaie winkel', seit Maaïke. Margje glundert. Se sykje beide in sulveren freonskipsearmbantsje út. Dêrnei bringe se de twahûndert euro by Sytske oan de doar.

'Sorry dat ik dyn skerm stikkenmakke haw, it gie echt by ûngelok', seit Margje sacht.

Sytske knikt en sjocht yn de slúf. 'Ja, it spyt my ek dat ik sa lil die. Ik tocht echt dat it net mear goed komme soe.' Har mem stiet derby en knikt ynstimme.

Fan opluchting flapt Margje derút: 'De fideo is trouwens wol hiel moai slagge. Foaral de ein is spektakulêr. Ik ha al twahûndert likes!'

De famkes moatte der alle trije fan laitsje.

IT TSJILLE NIJS FAN TSJIL

Keunst en kultuer, wat is dat no eins echt? Kinst tinke oan alderhande soarten fan keunst mar ek dyn gewoanten. Tsjil dûkt yn dizze edysje yn de wrâld fan de keunst en kultuer yn Fryslân. Fierder nijs oer SjONG Junior en stel al jimme fragen oan Buro Tsjil. Lês gau fierder!

Tsjil Tsjekt

Yn dizze Tsjil Tsjekt sille wy op ûntdekkingsstocht troch de wrâld fan keunst en kreativiteit. Wy sjogge hoe't minsken moaie dingen betinke en meitsje. Wy sille sjen hoe kreativiteit eins wurket en hoe sit it mei it teäter yn Fryslân? Yn Fryslân hawwe wy iepenloftspullen, minsken spylje dan op in lokaasje bûtendoar en fertelle de moaiste ferhalen. Mar hoe bringe dizze minsken de ferhalen ta libben?



SjONG junior

De acht finalisten fan SjONG junior binne bekend! Sy hawwe de ôfrûne wiken mei Raynaud harren eigen nûmer skreaun. Mar in eigen nûmer skriuwe, dat dochst net samar even. Hoe skriuwst in tekst, hoe makkest de melody en wat wolst fertelle mei dyn liet? Mei de goede begelieding fan Raynaud is it gelokkich elkenien slagge om in moai nûmer te meitsjen. Wolst witte hoe't dizze nûmers wurden binne? Hâld tegearre mei dyn juf of master Tsjil Tsjekt yn 'e gaten.



Buro Tsjil

Yn Buro Tsjil sykje Laura en Willem elke ôflevering de gekste, leukste en dreechste saken foar dy út! Sy ûndersykje alles en neat is te gek. Hasto in fraach of wolst dat Laura en Willem ek wat foar dy útsykje? Lit it dan witte fia tsjil@omropfryslan.nl. Buro Tsjil is altyd iepene foar al dyn nijsgjirrige fragen!



GIMBER

it krûd dat fan binnen ferwaarmet



Brrr... it is winter! Bûten is it kâld en binnen brânt de kachel lekker waarm. Mar witst datsto ek in kacheltsje fan binnen hast? En dat kinst in bytsje ekstra waarmte jaan mei gimber! Yn lannen lykas Sina brûke minsken al hiel lang gimber om waarm te bliuwen en om stive spieren te helpen. Gimber soarget derfoar dat it bloed better streame sil. Dêrtroch fiele de spieren soepeler oan en ferdwynt it soer dat se wurch makket flugger. Mar dat is noch net alles!

Gimber helpt de mage om iten goed te fertarjen, soarget dat it lichem fan binnenút better skjûn bliuwt (do giest der sels in bytsje fan switten!), en beskermet ek nochris de lever. Guon minsken brûke gimber as se mislik binne, bygelyks yn de auto of op in boat. In slokje gimbertee foardatst fuortgiest, kin dan wûnders dwaan. Of je kinne op in lyts stikje gimber kôgje, dat makket dy fuortendaliks lekker wekker! Bist ferkâlden of hast lêst fan de kiel? Dan kin gimber ek helpe! It makket slym los, fersêftet de kiel en helpt wer frij sykheljen.



Wolst sels in gimberdrankje meitsje?

Sa dogge je dat: rasp in lyts stikje farske gimber (ûngefear sa grut as je tomneil) yn in glês. Knyp der wat sitroensop by (fan in heale sitroen). Jit der hyt mar net siedend wetter op. En foar de swietbek: in leppeltsje huning derby! Rêstich opdrinke, hearlik en sûn!

Tip foar kâlde hannen of fuotten: rasp in stikje gimber fan sa'n 2 sintimeter, doch it yn siedend wetter en lit it 10 minuten stean. Jit it dêrnei yn in tobke mei waarm wetter en meitsje der in hân- of fuottebadsje fan. Dat helpt tsjin kâlde teannen en stive gewrichten. Doch dit trije kear yn 'e wike en do hast noait wer iisklompkes oan 'e fuotten!

Gimber docht net allinnich goed oan it liif, mar ek oan dyn gefoel. Ast in bytsje somber of wurch bist, dan kin gimber dy opfleure en wer enerzjy jaan. It liket wol oft der in lyts sintsje yn dyn liif skynt! Dus... as it bûten kâld en tsjuster is, pak dan wat gimber en lit it sintsje yn dy brâne!



Oerbosk fûn fan 4000-600 jier âld by Aldegea

By 't doarp Aldegea (Smellingerlân) meitsje se in nije mar. No hat it graafwurk dêr in ferrassing opsmitten. Yn de grûn lizze frachten beamstammen. De oerbliuwsels fan in bosk út de oertiid. By 't jieringen-ûndersyk fan de earste beammen binne se al te witten kommen dat se tusken 4000 en 6000 jier âld binne.



Twillingswurd fûn fan 't swurd fan Grutte Pier

It Fries Museum yn Ljouwert hat al sawat 150 jier in gigantysk swurd yn de kolleksje. Dit wurdt it swurd fan Grutte Pier neamd. It is 2 meter 13 lang en waget 6,6 kilo. No is krektlyn yn Brussel sawat itselde swurd fûn. Beide swurden binne makke troch deselde swurdmakker yn de Dútske stêd Passau om 1500 hinne. Of ien of beide swurden ea fan Grutte Pier wie, is net mei wissichheid te sizzen... It soe kinne!



Sagrada Familia-katedraal yn Barcelona

Yn de Spaanske stêd Barcelona stiet in wrâldferneamde katedraal: de Sagrada Familia (de Hillige Famylje). It ûntwerp is fan de Katalaanske arsjitekt Antoni Gaudí. Der wurdt al sûnt 1882 oan boud. Sûnt dit jier hat de grutste toer in hichte fan sawat 163 meter. It is no offisjeel de heechste tsjerketoer fan 'e wrâld. De toer wurdt úteinlik noch heger: 172,50 meter is it doel.



Miljonêrs yn Fryslân

Neffens sifers fan it CBS binne der yn ús lân mear as 425.000 húshâldings dy't miljonêr binne. Dêrfan wenje der ek ferskillende yn Fryslân. Witst dat op Skiermuontseach yn ferhâlding de measte Fryske miljonêrs wenje? Op it kaartsje, fia de qr-koade, kinst sjen hoefolle miljonêrs der yn dyn gemeente wenje.



Tsjerke yn Sweden nei in oar plak

Hast ea it moaie tsjerkje yn it Sweedske stedsje Kiruna sjoen? No, dat stiet der net mear. Nee, de tsjerke is net sloopt of ôfbrând. Mar hy stiet no op in oar plak sa'n fiif kilometer fierderop. Foarich jier augustus is de tsjerke yn syn gehiel ferhuze. Hoe't dat gong, kinst sjen op filmkes.



Earste nije treinstasjon foar Fryslân yn 35 jier

Fryslân krijt in nij treinstasjon. It komt by Ljouwert: Werpsterhoeke. Mooglik wurdt de stasjonsnamme Leeuwarden-Zuid. Is dat bysûnder nijs? Ja, it is foar't earst yn 35 jier dat Fryslân in nij stasjon krijt. It sil noch wol trije jier duorje ear't it yn gebrûk nommen wurdt.




Tornado sjoen boppe súdwesten fan Fryslân

It is al wer eefkes lyn mar ein oktober ûntstie der by Spannenburch in echte wynhoas. Dat is in lytse tornado. Net sa grut as yn bygelyks Amearika, mar dochs gefaarlik. In pleats ticht by Langwar krige behoarlik wat skea. In stikmannich grutte dakplaten gongen fan it stâldak ôf. Gelokkich binne der gjin minsken en kij ferwûne rekke.



Skilderij Picasso fuort... Of dochs net?

It skilderij *Naturaleza muerta con guitarra* (yn Hollânsk: *Stilleven met gitaar*) út 1919 fan de ferneamde Spaanske skilder Picasso soe fan Madrid nei in tentoanstelling yn Granada. Doe rekke it fuort. Wie der sprake fan in keunstrôf? De plysje hie alles al yn ûndersyk. Mar no blykt dat in buorfrou it pakketsje fûn by har hûs en tocht dat it in troch in besoarger fergetten pakketsje wie. Se sette it yn har hûs. Pas doe't har man hearde fan de fermissing, begûn der by harren in lampke te brânen...



Fryske Dúmkes

bakke mei dyn klasse!?

Resept!

Fryske dúmkes binne typysk Fryske koekjes. It binne swiete, mei anys en gimberpoeier krûde koekjes út de oven dy't it formaat hawwe fan in tomme. Dêrneist befetsje de koekjes fynhakte hazzenuten. Soms wurdt der ek kaniel brûkt of oare nuten. Sa is der in fariant op de Fryske dúmkes, de Amelanner dúmkes, dêr't de hazzenuten yn ferfongen binne troch mangels.



Wurdlistke

tomme = duim
befetsje = bevatten
hazzenuten = hazelnuten
mangels = amandelen
daai = deeg
besto = bestuif
likernôch = ongeveer
ûne = oven

Wat hast nedich?

- 150 gram bûter (op keamertemperatuer)
- 150 gram hazzenuten
- 150 gram brune bastertsûker
- 2 aaien
- 250 gram blom
- 1 tl sâlt
- 80 gram fynmeallen mangels (amandelen)
- 1 tl anyssied
- 1 tl gimberpoeier
- 1 tl kaniel

Ekstra:

- Bakpapier
- Plestik foly
- Blom om it daai yn út te rôljen

Wat moast dwaan?

- Hak de hazzenuten in bytsje grof en ming se mei blom en sâlt.
- Meitsje in kûltsje yn it blommemingsel en ming dêryn sûker, bûter, spaserijen en de aaien. Knetsje dêrnei alles troch inoar.
- Druk it daai plat, pak it yn yn plestik foly en lit it ûngefear 30 minuten opstiiwje yn de kuolkast.
- Besto it oanrjocht mei blom en rôlje it daai út ta in rjochthoekige plak fan likernôch 1 sintimeter tsjok.
- Snij de rântsjen der ôf en snij de oerbleaune rjochthoeke yn koekjes fan 4 by 5 sintimeter.
- Lis de koekjes op in mei bakpapier beklaaide bakplaat en bak se yn in foarferwaarme ûne, op 160 graden, yn ûngefear 20 minuten gear.
- Lit de koekjes in bytsje ôfkuolje en druk se in bytsje yn mei dyn tomme.

Linkke side

Strjitkeunst yn Ljouwert

Soms leit kultuer letterlik op strjitte. Sa ek yn Ljouwert. Dy stêd stiet bekend om alle street art. Fan grutte muorreskilderingen oant fleurige elektrisiteitskastjes en lytse popkes dy't op gekke plakken ferstoppe binne... Yn Ljouwert kinst dyn eagen út sjen. Sjoch mar ris nei dizze foarbylden.



Saskia van Uylenburgh

Dizze muorreskildering waard makke yn 2012 doe't it 400 jier lyn wie dat Saskia van Uylenburgh yn Ljouwert berne waard. Letter soe sy trouwe mei de wrâldferneamde Nederlânske skilder Rembrandt van Rijn.

Lokaasje: Boterhoek 3 - **Makker:** Klaas Lageweg

Yn 2019 betocht Ljouwerter Michel Tilma wat nijs. Hy ferstoppe oeral yn de stêd miniatuerminskjen. Oan ús om se te finen en dat waard in dikke hit! Undertusken binne der mear as sechstich tafrieltsjes. De rûte fynst fergees op Google maps of kinst foar € 2,- keapje op ferskillende plakken yn de stêd.

Lokaasje: oeral yn de binnenstêd - **Makker:** Michel Tilma



Miniature People



Hou, âlde! Hou!

Dit wurk stiet sa'n tsien meter achter de Aldehou. De Aldehou is in skeane tsjerketoer yn Ljouwert. It keunstwurk is basearre op in âld folksferhaal. Yn dat ferhaal rôp in frou hiel lûd: 'Hou, âlde! Hou!' De toer harke en sakke net fierder...

Lokaasje: Torenstraat 25 - **Makker:** LJ van Tuinen

Parkeargaraazje Klanderij

Yn 2019 wie parkeargaraazje Klanderij it toaniel fan de Writer's Block Jam, in strjitkeunstevenemint dêr't mear as fjirtich nasjonale en ynternasjonale keunstners oan meidienen. Sy foarmen de betonnen kolos om ta in grut keunstwurk. En no is it feestje om dêr te parkearen!

Lokaasje: Posthoornsteeg 40

Makkers: Zosen (Spanje) en Mina Hamada (Japan)




Yn Fryslân binne in soad strjitten ferneamd nei Fryske skriuwers. Der binne sels hiele wiken mei skriuwersnammen. Dizze kear geane wy nei Frjentsjer, It Hearrenfean, Gytsjerk, Grou en der binne fêst noch mear plakken dêr't strjitnammen neamd binne nei skriuwers

Bruorren Halbertsma



De trije bruorren Halbertsma waarden berne oan 'e ein fan de achttjinde iuw yn Grou. It wiene Joast (1789-1869), Tsjalling (1792-1852) en Eeltsje (1797-1858). Joast wie dûmny, Eeltsje wie húsdokter. Tsjalling wie bûterkeapman. Der wie ek noch in fjirde broer, Binnert (1795-1847). Hy wie bakker en siet letter yn 'e houthannel. Binnert is minder ferneamd om't hy gjin skriuwer wie.

De broers makken koarte ferhalen en gedichten yn it Frysk. Yn dy tiid waard net folle yn it Frysk skreaun. Dêrom leine se har ta op wat *folkslektuer* neamd waard. Grappige of gevoelige gedichten en ferskes en koarte ferhalen. Tagonklik foar eltse Fries. Eeltsje, de dokter, fûn dat humor in medisyn tsjin in soad kwalen is. Hy hat ek it gedicht *De Alde Friezen* makke, dat yn 1875 it Frysk folksliet wurden is. Wy sjonge it noch altyd as *Frysk bloed tsjoch op*.



Harren sammele wurk, *Rimen en Teltsjes*, is harren belangrykste wurk. It is in folksboek, grôtfol ferhalen en gedichten. Yn dy tiid wie der fansels gjin televyzje of radio en waard der faak foarlêzen. De rimen en teltsjes binne dêr hiel geskikt foar. De ûnderwerpen sprutsen de minsken oan: it boerewurk, de bisten, de kwaaltsjes en ek de dea. It giet ek faak oer fereale wurde, inoar foar de gek hâlde, pleagerijkes en deistige dingen. De teksten wiene werkenber foar eltsenien.

Hjoed-de-dei wurdt it wurk noch altyd lêzen en útgjûn. De taal fan 150 jier lyn is foar ús net maklik te lêzen. En soms dogge de ferhalen en gedichten wat kneuterich oan. Lykwols hat it wurk fan grutte betsjutting west foar de Fryske literatuer. It brûkt de taal fan it folk en dat wie dêrfoar folle minder it gefal. De Fryske kultuer, ek dy fan hjoed, hat in soad te tankjen oan dy trije bruorren Halbertsma.



Trochstreekpuzel

Dizze puzel stiet fol mei wurden dy't mei kultuer te krijen hawwe. Streekje de wurden út de list troch. De letters dy't oerbliuwe foarmje in wurd. Skriuw dit wurd yn in e-mail en stjoer dy foar de krookjefakânsje nei tsjil@cedin.nl Skriuw dúdlik dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailsje.

M	O	N	U	M	I	N	T	M	K	E	U	N	S	T
F	N	I	J	O	A	N	T	I	N	K	E	N	E	R
S	P	R	E	U	K	S	Û	E	M	O	A	S	J	E
G	S	Â	L	D	S	K	N	N	M	O	D	E	R	N
R	T	N	U	L	Y	I	D	I	B	A	N	K	S	Y
A	Â	V	G	E	M	E	E	N	T	E	D	I	S	K
F	N	S	F	G	B	D	R	G	E	F	E	D	T	E
F	B	K	I	A	O	N	H	S	K	E	K	E	R	U
I	Y	U	S	A	L	I	Â	U	S	R	O	N	J	N
T	L	L	U	L	Y	S	L	T	P	B	R	T	I	S
Y	D	P	E	E	K	R	D	E	R	I	A	I	T	T
B	Û	T	E	N	D	O	A	R	E	N	A	T	B	R
J	K	U	L	T	U	E	R	I	S	I	S	E	Y	Û
M	I	E	N	S	K	I	P	N	J	N	J	I	L	T
F	E	R	H	A	A	L	E	G	E	G	E	T	D	E

BANKSY	IDENTITEIT	OANTINKEN
BÛTENDOAR	KEUNST	SKIEDNIS
DEKORAASJE	KEUNSTRÛTE	SKULPTUER
EKSPRESJE	KULTUER	SPREUK
EMOASJE	LEGAAL	STRJITBYLD
FERBINING	MIENINGSUTERING	STÂNBILD
FERHAAL	MIENSKIP	SYMBOLYK
FISUEEL	MODERN	ÂLD
GEMEENTE	MONUMINT	ÛNDERHÂLD
GRAFFITY	NIJ	

Antwurd:

De priiswinner fan de lêste puzel is **Manouk van der Heide** út groep 7 fan OBS de Tsjongeling fan Aldeberkeap.

De oplossing fan de trochstreekpuzel wie: **SNOBBERSGUOD**

Mopke



Twa iisbearen rinne troch de woastyn. Seit de iene: 'Tsjonge, it moat hjir wol tige glêd wêze.' Freget de oar: "Hoesa?" Seit de earste: "No, moatst sjen, hoefolle se hjir struid hawwe!"

Riedsel

Wat is in spjocht op it iis?

Antwurd: In iisbrekker.



Sudoku

		4	8	9			6	
5				6			3	2
	8	6			5			4
8	5	1	3					
	4			1	9		8	3
9		3		4	8	7		1
	2	8	4		7		1	5
4		7			1		2	8
1		5			2	4	7	6

BAUKE NYNKE EN BRAM


BAUKE EN NYNKE MEITSJE IN SNIEPOP.




OMDAT IT SA KÂLD IS NOCH IN LEKKERE WAARME SJAAL



IT BEGINT TE SNIJEN...



SLAGGET IT WAT BAUKE? BINNEN IS IT NOFLIK WAARM.



NOFLIK BY DE KACHEL



LETTER OP 'E DEI

